



Betelling op Bestelling (Cash on delivery)

Komeedzje yn twa bedriuwen

troch

MICHAEL COONEY

Fryske oersetting

Jeffry Schoppen

Nederlandse versie: Levering onder rembours – Jan Hulsegge

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **BETELLING OP BESTELLING – CASH ON DELIVERY** gaan opvoeren, dienen in alle programma-boekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **MICHEAL COONEY** en vertaler: **JEFFRY SCHOPPEN** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

© 2025 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, generale repetities, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,

E-mail: rechten@toneelfonds.be. Telefoon (03)3.66.44.00,

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSONAAZJES: *(Yn folchoarder fan opkommen)*

Erik Wessels - Wurkleaze man. Kreatyf yn oplossingen

Linda Wessels - Frou fan Erik. Emosjoneel type

Harry Berends - Kostgonger fan Erik en Linda

Mynhear Brinkers - Ynspekteur fan 'e Sosjale Tsjinst

Omke Johan - Omke fan Erik

Ingrid Diependaal - Maatskiplik wurkster fan it Reade Krús

Dr. Kamperman- Houliksterapeut. Nederich type

Mynhear Schuiling - Begraffenisûndernimmer

Frou Albers - Liedingjaande fan mynhear Brinkers

Brenda Regtop - Ferloofde fan Harry Berends

NB: De mannelike personaazjes wurde yn de Fryske oersetting oansprutsen mei ‘mynhear’ ynstee fan allinne de achternamme sa as dat yn it Frysk gebrûklik is. De oersetter hat dizze kar makke ter ferdúdliking fan de karakterwikselingen.

TIID FAN HANNELING:

Hjoed-de-dei, op in wiete moarn yn oktober.

PLAK FAN HANNELING:

De wenkeamer fan Erik en Linda op de Fûgelstrjitte 344.

It earste bedriuw: moarnsbetiid om in oer as njoggen.

It twadde bedriuw: oanslutend.

DEKÔR:


It dekôr is in smaakfol, mar net bysûnder ynrjochte hûs yn in moderne wenwyk dat taheart oan Erik Wessels en syn frou Linda.

Der is in grutte foardoar middenachter mei dêrop oan de bûtenkant grutte brûnzen sifers 344 en in brievebus. De doar hat gjin rútsje. Oan de bûtenkant fan de doar is ek in lyts portaal. Links neist de foardoar is in rût dat útsjocht op de huzen oan de oare kant. Under it rût sit in brede finsterbank mei in iepenslaand lid dat grut genôch is om immen yn te ferbergjen. Neist de doar stiet in paraplubak. Rjochtsachter is in trep dêr't de ûnderste pear treden sichtber fan binne. De trep giet nei it appartemint boppe.

It appartemint is ferhierd oan Harry Berends.

Linksachter is in doar nei de ytkeamer en linksfoar is in doar nei de keuken. As de doar fan de keuken iepen is, binne der in pear keukenkastkes te sjen. Boppe de doar nei de ytkeamer is in lytse kast ynboud dy't ûnopfallend gearfalt mei de omlisting fan de doar.

Rjochtsfoar is in doar nei de sliepkeamer fan Erik en Linda dy't ûnder is.



YNRJOCHTING:

Yn 'e midden stiet in bank mei oan de linkerkant in taffeltsje mei telefoan. Links tsjin de muorre tusken de doar nei de keuken en de doar nei de ytkeamer stiet in stoel. Oan de muorren hingje skilderijen of foto's dy't fan net in soad artistike smaak tsjûgje.

Tusken de sliepkeamerdoar en de trochgong nei de trep hinget in klok. Mei tuskenskoften is troch it rût en de iepensteande doar rein te sjen.

It is njoggen oere moarns.

EARSTE BEDRIUW

(As it doek iepengiet, is it toaniel leech. De doarren binne ticht. Linda komt fanút de sliepkeamer it toaniel op mei in mok kofje. Se is klaaid yn hjoeddeiske klean)

LINDA: Erik! Erik, leave! *(Erik komt út 'e keuken wylst er in stik roastere bôle yt. Hy is klaaid yn in broek fan in kostúm mei in wyt oerhimd).*

ERIK: Ja, leave?

LINDA: Hasto de húskaaien?

ERIK: Nee, leave. Do hast justerjûn de doar op it slot dien, witst noch wol?

LINDA: Miskien lizze se yn 'e keuken.

ERIK: Ja. *(Linda giet de keuken yn. Erik hellet gau mei de linkerhân in telefoan tefoarskyn en hâldt dy tsjin it ear wylst er de keukensdoar ticht docht. Yn 'e telefoan)* Binne jo der noch? Sorry, ik waard even ôflaat. Praat ik mei de Sosjale Tsjinst? Prachtich. Ik moat avensearje. Ik wol alle útbetellingen ôfsizze!

LINDA: *(komt sûnder mok út 'e keuken werom)* Ik kin se net fine! *(Erik stoppet de telefoan wei yn 'e bûse en giet nonsjalant op 'e bank sitten)*

Ik ha se grif yn 'e hântas treaun.

ERIK: *(gniist)* Ja, dat is altyd it lêste plak dêr'tst sikest.

LINDA: *(nokkeret)* It is al goed! *(Giet de sliepkeamer yn. Erik komt fluch oerein en skopt de doar fan 'e sliepkeamer ticht).*

ERIK: *(yn 'e telefoan)* Sorry foar de ûnderbrekking... Ja, AL myn útkearingen... Moat ik dan mei alle ôfdielingen prate? ... No ja, doch dat dan mar. As jo my trochferbine mei de ôfdieling foar de bystânsútkearing kinne se my dêr dan fierder trochferbine?

LINDA: *(komt de keamer wer yn)* Fûn!! *(Erik stekt gau de telefoan yn 'e boppekant fan de broek en giet wer sitten)* Kom, lit ús gean.

ERIK: Harkje leave, gean do mar fêst. Ik helje dy aansjen wol yn.

LINDA: Do silst dyn trein misse ast net opsjitst, hear.

ERIK: Mar ik moat my noch fierder oanklaaie en ik soe net wolle

datsto te let kaamst.

LINDA: En do dan?

ERIK: O, dat komt wol klear. (*Hy komt oerein, realisearret him dat er de telefoan yn 'e broek hat en giet gau wer sitten*) Ik lien de fyts fan Harry wol. Dy kin ik by it stasjon stean litte.

LINDA: Harry is fansels allang nei de skuonwinkel. Kinst net samar de fyts fan dyn kostgonger liene.

ERIK: Dan rin ik wol nei it stasjon. Dat is goed foar my.

LINDA: (*wier besoarge*) Erik, der is dochs neat wat ik witte moat?

ERIK: (*fleurich*) Nee hear, nee! Alles is prima yn 'e oarder.

LINDA: Ik bedoel, do hast dochs gjin problemen by it elektrisiteitsbedriuw?

ERIK: Wolnee, hoe komst dêr no by? (*nonsjalant*) Do makkest dy dochs gjin soargen oer my?

LINDA: O, nee, hielendal net.

ERIK: Moai, moai.

LINDA: Mar soest it my dochs wol fertelle as der wat te rêden wie of net, Erik?

ERIK: Mar fansels, leave. En asto dy earne soargen oer makkest, soest my dat ek fertelle, no?

LINDA: Fansels. Dus ik hoech my wier gjin soargen te meitsjen?

ERIK: Fansels net. Wy tegearre binne ien. Der is gjin inkeld probleem.

LINDA: Goed, dan sjoch ik dy aanst wol op it stasjon.

ERIK: Ik kom sa gau mooglik.

LINDA: (*giet ôf*) Oant aansen dan.

ERIK: (*sa gau 't Linda bûtendoar is, grypt Erik de telefoan wer*) Binne jo dêr noch? ... Rotmuzyk... André Rieu op de betide moarn... (*dan*) O, hallo, hokker ôfdieling is dit?... Betellingen. Prachtich!

Myn namme is Erik Wessels, ik belje yn ferbân mei myn kostgonger, Harry Berends... Harry fan foaren... En Berends fan achteren. Ja, krekt! Harkje, ik leau dat Harry in wurkleasheidsútkearing fan jo kriget, kloppet dat?

Ja, dat tocht ik al. No, ik belje jo om te sizzen dat jo dizze wike, of better sein foar de hiele takomst, it jild net oer hoege te

meitsjen... Eh... nee. Nee, Harry hat gjin wurk. Hy is eh... fan 'e moarn eh... ferstoarn. Ja, alhiel ûnferwachts... Dêrom belje ik ek... Nee, Harry is in natuerlike dea stoarn... Hy kriget wat? In útkearing foar ferstjerren? Nee, jo begripe my net, ik besykje al syn útkearingen op te sizzen. Nee, syn frou wol gjin widdowen útkearing... Nee, ek gjin ekstra bernetaslach. *(Erik hat net yn de gaten dat Harry fia de trep de wenkeamer ynkomt en achter him stiet. Hoewol't er oanklaaid is, hat Harry in tekken om him hinne slein en sjocht er der griperich út. Erik yn 'e telefoan)* Goed, goed... En moat ik dat formulier op it gemeentehûs ophelje?

HARRY: Moarn, Erik.

ERIK: *(jout in gjalp fan skrik)* Oei! *(Hy stekt gau de telefoan tusken de skonken)* Harry, wat dochsto hjir?

HARRY: Ik kaam om te freegjen oft ik in pear pillen liene koe.

ERIK: Wêrom bisto net yn 'e skuonwinkel? It hat al njoggen oere west.

HARRY: Ja, dat wit ik. Mar ik waard fan 'e moarn wekker mei in freeslik rotgefoel. Ik ha al foar trije dagen spuid.

ERIK: O, noflik...

HARRY: En om't ik mei trije dagen trouwe sil, moat ik al sjen dat ik sa gau as mooglik wer by sûp en stút bin. Do kenst my: hear ik 'snottebel,' dan rin ik de hiele dei mei in pak Kleenex ûnder de earms.

ERIK: Harry...

HARRY: Ik bedoel, ik kin Brenda dochs net stikke litte. Of wol dan?

ERIK: Harry, sjochsto net dat ik oan it beljen bin? *(Harry knikt)* Wat wolst?

HARRY: Ik frege my ôf oft frou Wessels noch in aspiryntsje foar my hie.

ERIK: Linda is krekt de doar út. Mar miskien leit der wol wat yn de keuken. Sjoch sels mar. En Harry... Wolst der oare kear net sa yn slûpe? *(Harry gniist en giet ôf yn 'e keuken dêr't er de doar fan iepen lit. Erik begjint daliks wer yn 'e telefoan te praten).*

Sorry, ik waard steurd troch eh... de frou fan Harry. Ik bin bang dat se folslein ynstoart... Ja, gewoanwei is sy dejinge dêr't de hiele famylje op bouwe kin. Mar se is hielendal fan it sintrum... Harren trije bern? O, dy binne werklik de rie te'n ein. Ik kin se hjir

gûlen hearre. *(Hy hâldt de telefoan in ein fan it gesicht ôf en makket sniklûden)*. Deadsoarsaak? Harry is oan eh... moeraskoarts stoarn. Dat kloppet. De dokter sei dat it tsjintwurdich eins net mear foarkomt. *(Harry komt út 'e keuken en besiket om mei de toskten it dekseltsje fan it fleske pillen te heljen. Hy rint wer stadich achter Erik del. Erik yn 'e telefoan)* Ja, tankewol. En ik sil jo kondoleânses oan frou Berends oerbringe. Hiel freonlik fan jo.

HARRY: Kondoleânses oan frou Berends?

ERIK: *(yn 'e telefoan, hiel rêstich)* Ik sil derfoar soargje dat alle papieren oan 'e ein fan 'e wike op 'e post binne. Tankewol. *(Hy leit de telefoan del)* Hast wat fûn?

HARRY: Wa hiesto dêr oan de telefoan?

ERIK: O, in frou fan it pleatslike frouljuskomitee. *(Hy wol nei de sliepkeamer ta, mar Harry hâldt him tsjin)*

HARRY: Wêrom kondolearre dy frou fan it frouljuskomitee ús mem?

ERIK: *(betinkt)* Ik ha jim heit en mem opjûn foar in ferlotting.

HARRY: Wa soe no ús heit en mem winne wolle?

ERIK: As dielnimmers, suffert.

HARRY: O.

ERIK: Mar se hiene neat wûn, dêrom belle it komitee. De earste priis wie in cruise fan trije wiken om de wrâld. Earsteklashut, alle jûnen diner oan de tafel fan 'e kapitein. It wie foar harren gouden brulloft.

HARRY: Gouden brulloft. Wat in leuk idee, Erik. Spitich dat se net wûn hawwe.

ERIK: Ja, mar se krije yn alle gefallen de treastpriis.

HARRY: En wat is dat?

ERIK: In bôleroaster.

HARRY: In bôleroaster? Hm, ek net gek. Witst trouwens wol dat dyn waskmaschine wer sa'n frjemd lûd makket?

ERIK: *(net ynteressearre)* Ja, wit ik. Ast it net slim fynst, Harry, dan gean ik fuort. Kin ik dyn fyts liene om nei it stasjon ta te gean?

HARRY: Fansels... Sis Erik, ik kin mei gjin mooglikheid it dopke fan it fleske krije.

ERIK: Lit my ris. (*Erik nimt it fleske oan en sjocht op it label*) Sjoch, dit is dyn probleem.

HARRY: Wat?

ERIK: (*jout it fleske werom*) Sjoch mar op it etiket - idioatbestindich.

HARRY: (*sjocht Erik lilke oan*) It is net aardich om my sa te behanneljen, Erik. Ik ha de ôfrûne twa jier net allinne dyn kostgonger west, do bist ek nochris myn tsjûge as ik sneon trouwe sil. Ik ha altyd in earlike en betroubere freon west en do en Linda hawwe altyd by my op it skouder útgûle kinnen.

ERIK: Kinst de hier werris net betelje, of wol?

HARRY: Mei ien wurd: Nee. (*Erik skodhollet en giet nei de sliepkeamer*) Mar ik sis dy, Erik, dat ik it jild betelje sil as Brenda en ik fan ús houliksreis weromkomme.

ERIK: (*achter*) Moai.

HARRY: Tsjonge noch oan ta. Ik op houliksreis! Kinst dy dat foarstelle?

ERIK: (*achter*) Nee, ik begryp net hoe'tst dat foarinoar krigen hast.

HARRY: Wa soe trije moanne lyn tocht ha dat ik nei dy konferinsje fan skuonhannelers ta soe en mei in breid weromkomme soe.

ERIK: (*achter*) It is bjusterbaarlik, Harry.

HARRY: Ast sneon Brenda moetest, silst fuort ek fereale op har wêze. Lykas elkenien. Krekt as ik. (*De doarbel giet*) Ik doch wol iepen.

(*De doarbel giet op 'e nij*) Ik kom! (*Harry docht de doar iepen en wy sjogge mynhear Brinkers. In gemeente-amtner fan middelbere leeftyd dy't nei alle gedachten minder yntelligint is as dat er sels tinkt. Hy hat in klemboerd en in aktetas ûnder de earm*) Goeiemoarn.

BRINKERS: Sizze jo dat wol. In bytsje suterich waar, mar dochs in goeiemoarn. It spyt my dat ik jo sa betiid steure moat, mar ik bin fan 'e Sosjale Tsjinst. Ofdieling Sykte en Ungemakken.

HARRY: Ja?

BRINKERS: Binne jo de hear Jansen?

HARRY: Eh, nee.

BRINKERS: Wolle jo dan tsjin mynhear Jansen sizze dat ik graach even mei him prate wol?

HARRY: Ik begryp it even net.

BRINKERS: It is oars hiel ienfâldich. Ik bin de ynspekteur fan de Sosjale Tsjinst en ik wol graach even mei mynhear Hendrik Jansen konversearje.

HARRY: Ik tink dat jo earne oars wêze moatte, mynhear.

BRINKERS: Dit is dochs Fûgelstrjitte nûmer 344, netwier?

(Se kontrolearje beide it nûmer oan de bûtenkant fan de doar)

HARRY: Ja.

BRINKERS: Dan is der gjin foutsje makke.

HARRY: *(tinkt)* Wachtsje even. Ik sil ien foar jo helje.

BRINKERS: Ja, doch dat!

HARRY: Ik tink dat jo better efkes yn it portaal wachtsje kinne.

BRINKERS: O, prima. *(Hy stapt wer nei bûten ta. Harry docht de doar ticht. Erik komt út 'e sliepkeamer wylst er de jas oanlûkt).*

HARRY: Erik, der is immen foar dy oan 'e doar.

ERIK: Harry, ik moat no earst nei it stasjon.

HARRY: Hy is fan de Sosjale Tsjinst.

ERIK: *(bliuwt stokstiif stean)* Wat seist?

HARRY: En hy wol mei mynhear Jansen prate.

ERIK: Wat?

HARRY: Der is in ynspekteur fan de Sosjale Tsjinst dy't mei de hear Hendrik Jansen prate wol. Ik ha sein dat der in misferstân yn it spul wêze moat.

ERIK: *(driuwend)* Wat hast krekt tsjin him sein?

HARRY: Dat ik immen foar him roppe soe. *(Erik begjint Harry nei de trep te triuwen).*

ERIK: Hiel goed, Harry. Ik sil mei him prate.

HARRY: *(bliuwt stean)* Wachtsje ris efkes!

ERIK: Wat?

HARRY: Hy bedoelt mynhear Jansen. Dyn foarige kostgonger.

ERIK: *(besiket om te dwaan oft der neat te rêden is)* Nee. Nee, fansels net.

HARRY: Jawol. Hendrik Jansen. Do witst wol, de foarige bewenner

fan de boppeferdjipping. Dyn foarige kostgonger!

ERIK: Nee. Nee, dat bestiet net.

HARRY: Jawol, hy is nei Kanada emigrearre. Der wurdt hjir altyd noch wolris post foar him besoare.

ERIK: Dat wit ik, Harry.

HARRY: Ja. Moatst it oan him trochstjoere. Al dat gedoch fan 'e Sosjale Tsjinst.

ERIK: Nee, hy bedoelt grif in oare hear Jansen.

HARRY: Ja, hast gelyk. Ik sil it him wol sizze.

ERIK: Nee!

HARRY: Ja. Ik sil him wolris even út 'e dream helpe.

ERIK: Nee. Dat giet net.

HARRY: Jawol. Ik sil him wol even fertelle dat mynhear Jansen al jierren lyn emigrearre is.

ERIK: Nee. Net dwaan!

HARRY: Wêrom net?

ERIK: Omdat ik Hendrik Jansen bin.

HARRY: No dan, ik kin him dochs wol fertelle dat... (*Realisearret him wat Erik sein hat*) Do! Bisto Hendrik Jansen?

ERIK: Ik doch as bin ik Hendrik Jansen.

HARRY: (*besiket it te begripen*) Wachtsje. Wachtsje even; ik kin dy net hielendal folgje.

ERIK: (*iepenet de foardoar en glimket tsjin Brinkers*) Momintsje noch. (*As Brinkers wat sizze wol, smyt Erik de doar wer ticht en lûkt Harry oan 'e kant*) Kinsto in geheim bewarje, Harry?

HARRY: (*wit net wat er dwaan moat*). In geheim? Ik tink fan wol.

ERIK: Ik ha de boel wat belazere.

HARRY: Wat seist?

ERIK: Fan it momint ôf dat mynhear Jansen hjir twa jier lyn wei gien is, ha ik al syn útkearingen holden.

HARRY: Om it nei him op te stjoeren, bedoelst?

ERIK: Net hielendal.

HARRY: Of om it nei de Sosjale Tsjinst werom te stjoeren dan?

ERIK: Net hielendal.

HARRY: No ja, wat hast der dan... *(Realisearret him wat dat betsjut)*
O, do hast dochs net...

ERIK: *(driuwend)* Sssht!

HARRY: Dat is skandalich.

ERIK: Wit ik.

HARRY: Hoe hellest dy soks yn 'e holle, Erik?

ERIK: Dat is in hiel ferhaal en dêr ha wy no de tiid net foar. Do hâldst dy stil en ik praat my hjir wol út. It sil allegear noch wol wat tafalle.

BRINKERS: *(ropt troch de brievebus)* Hallo!

ERIK: *(ropt)* Ik kom der oan! *(Hy triuwt Harry nei de keuken ta)* Gean nei de keuken ta en hâld dyn gemak... en net oan de doar stean te harkjen!

HARRY: Wêrom soe ik? Hast my dochs alles ferteld, of net?

ERIK: *(liicht mei in grutte gniis)* Fansels, Harry. *(Hy triuwt Harry de keuken yn en smyt de doar ticht. Dan draaft er nei de foardoar en ropt)* Ik kom! *(Hy bliuwt stean en betinkt ynienen wat.*

Dan tsjin himsels) Mynhear Jansen? O ja! Jicht! *(Hy dûkt yn de paraplubak, hellet der in gongelstôk út en hobbelt nei de doar. Erik docht de doar iepen).*

Sorry, dat ik jo wachtsje litten ha. *(Wiist op syn skonk)* Ik kin my net sa hiel goed ferpleatse. Kom der gau yn.

BRINKERS: Tankewol. *(Brinkers komt de keamer yn. By de fierdere hannelingen bliuwt Erik strompeljen as docht it skonk him sear).* Mynhear Hendrik Jansen?

ERIK: *(sjocht even nei de keuken)* Eh... ja. Hendrik Jansen, wat kin ik foar jo dwaan, mynhear... eh?

BRINKERS: Brinkers. Tsjinst Sosjale Saken. Ofdieling Sykte en Ungemakken.

ERIK: *(besoarge)* Ofdieling Sykte en Ungemakken? Dat is dochs net yn ferbân mei it telefoantsje fan fan 'e moarn wol?

BRINKERS: Nee.

ERIK: *(besiket fleurich te dwaan)* Wêrom geane jo net earst efkes sitten?

BRINKERS: Graach, tanke. *(Erik wiist Brinkers nei middenfoar. Hy*

giet op de bank sitten en hellet in tsjokke map út 'e tas). Ik sil net in soad fan jo tiid yn beslach nimme, mynhear Jansen. Ik ha in pear dingen dy't ik graach ferifiearje wol en dan bin ik wer fuort.

ERIK: Prima. Lit mar hearre.

BRINKERS: *(sjocht yn de papieren út syn map)*. Neffens ús gegevens hawwe jo de lêste seis moanne op bêd lein mei in tige slimme oanfal fan jicht.

ERIK: Ja, dat kloppet! Earnstige jicht. Dat is kommen troch de komplikaasjes nei't der my in swier krat op de foet fallen is doe't ik as ûnбетelle frijwilliger iten ynpakte foar Poalen. *(Brinkers sjocht nei Erik's skonk en tinkt efkes nei foardat er in oantekening yn it dossier makket)* Ik ha boppe alle doktersrapporten as jo dy sjen wolle.

BRINKERS: Ik ha hjir alle kopyen.

ERIK: O ja?

BRINKERS: Likegoed as jo oanfraach foar útkearingen.

ERIK: *(besoarge)* O ja?

BRINKERS: Ja. Yn feite ha ik alle kopyen fan alle medyske rapporten fan jo hiele húshâlding hjir.

ERIK: Jo moatte ophâlde!

BRINKERS: Ik moat earlik sizze dat op Fûgelstrjitte 344 in bûtengewoan ûnfortúnlike famylje wennet.

ERIK: Dat kinst wol sizze.

BRINKERS: It liket wol betsjoad.

ERIK: Jo hawwe in geweldich dossier by jo, mynhear Brinkers.

BRINKERS: De grutste yn de provinsje.

ERIK: *(laket)* Dat liket my oerdreaun.

BRINKERS: Hjir sit alles yn, mynhear Jansen. AOW, bystân, bernetaslach, ien-âlder taslach, syktejildútkearingen, hierkompinsaasje en in ynfaliditeitsútkearing.

ERIK: *(tinkt dat dat de ein fan de list is)* En dat allegear ûnder ien dak.

BRINKERS: Widdopensjoen, swangerskipsútkearing, sykte-wetútkearingen, achterstallige betellingen, WAO-útkearingen.

ERIK: *(tinkt wer dat dat de ein fan de list is)* Je soene it net leauwe,

hin!

BRINKERS: Krystgratifikaasjes, fakânsjeild, foarstferletútkearing, kâldwaartaslach en bysûndere oanfollingen.

ERIK: Allemachtich...

BRINKERS: En fergees molke. Ja, as der net de nedige medyske en wetlike papieren wiene om ien en oar te befêstigjen, soene je tinke dat der wat frjemds oan de hân wie.

ERIK: Sis dat!

BRINKERS: Ja, jo soene der fersteld fan stean wat guon minsken allegearre betinke... Falske oanjeftes, neimakke bankúttreksels, falske nammen.

ERIK: Nee wol?!

BRINKERS: Falske resepten, falske paspoarten.

ERIK: Net te leauwen!

BRINKERS: Meardere oanjeftes foar itselde ûngelok.

ERIK: Dat is in goed idee! Ik bedoel: it is in goed idee om dêr kontrôle op út te oefenjen.

BRINKERS: Sa is it. (*Hy siket yn 'e tas nei in formulier*) Ik soe graach wolle dat jo dit formulier even tekenje.

ERIK: (*ûnwis*) O ja?

BRINKERS: Om te befêstigjen dat jo de ôfrûne seis moanne jo syktejildútkearingen krigen hawwe.

ERIK: Eh, dat kloppet.

BRINKERS: En omdat der noch gjin tekens fan ferbetteringen binne.

ERIK: Eh, dat kloppet.

BRINKERS: Dêrom ha jo meikoarten rjocht op in oanfolling op 'e WAO- útkearing.

ERIK: (*ferwachte dit net*) Hoe bedoele jo?

BRINKERS: (*sjocht yn syn oantekeningen*) Dat jo wykliks... eh... fiifentweintich euro en njoggenentweintich sinten ekstra krije.

ERIK: O, nee. De wurkleasheidsútkearing is echt mear as genôch.

BRINKERS: Mar jo hawwe der rjocht op, mynhear. (*Brinkers jout Erik in pinne en it formulier. Erik wit net wat er dwaan moat. Hy tekenet wifeljend. Brinkers nimt it papier werom en ûndertekenet*

ek. Erik sjocht besoarge) Sjoch, ik tekenje as tsjûge neist jo hantekening, mynhear Jansen. Dat liket my dan allegearre kreas foarinoar.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto